

[1638] *De Goaldene Brulloft* fan Paulus Scheltema

Philippus Breuker

Summary. *Paulus Scheltema's De Goaldene Brulloft is a short prose story, written in Frisian, about a golden wedding anniversary in a well-to-do farmer's family in 1664. The story is complemented with a biography of a man who attended the feast when he was ten years old, together with the names of his ancestors. It is written in an archaizing language, as is only known from Scheltema. Ten versions of the story are known, all of them undated. They resemble each other, but still differ somewhat. Two of them have been published earlier; the one, edited here, in 1831, the other one in 1841. The 1831 version distinguishes itself from the other nine by adding a kind of justification by the author and a multitude of adoptions from Gysbert Japix. In this article, I seek to answer a number of questions concerning occasion, influences and idea to write a story about this subject; to establish the date and development of the various versions; to uncover the reason and nature of the language; to unravel fact from fiction; to determine the author's attitude towards the past in literary prose; and to assess the relation with the prevailing literary fashion.*

1. Ynlieding

Ein 1831 waard yn it *Vriesch jaarboekje, of almanak voor het Schrikkeljaar 1832*, in tekst yn de rubryk 'Lân-Friesch' ôfprinte mei as titel 'De Goaldene Brulloft'. In auteur wurdt dêr net neamd. Yn de 'Nalezingen en verbeteringen' by it twadde diel fan it *Stamboek van den Frieschen, vroegen en lateren, adel*, útjûn troch De Haan Hetteema en Van Halmael (1846) fine wy in parafrase yn it Nederlânsk fan de tekst. Dêr wurdt as namme fan de auteur opjûn: P.C. (= Paulus) Scheltema. In oare tekst fan Paulus Scheltema is folle bekender: de *Tescklaow* (1823). Ek dat is in breed útwurke ferhaal. It binne beide raffinearre optinksels oer persoanen en tastannen út earder tiden. Mear fan sokke optinksels, mar dan folle koarter, binne te finen yn Scheltema syn *Twaalf duizend spreekwoorden* as taljochtingen by wat as sprekwurden presintearre wurdt. Dy sprekwurden binne foar it grutste part net útjûn.¹

1. Der binne fan dy sprekwurden mear as ien hânskrift. It omfangrykste is 974 hs, Tresoar. Sels fersoarge Scheltema yn 1826 in útjefte fan in lyts part ûnder de wervjende titel:

De *Tescklaow* is aardich út elkoar raffele.² Dat wol ik mei it doel om de ûnderskate ferzys te datearjen en om syn driuwfearren en wurkwize neier te bepalen, no ek dwaan mei *De Goaldene Brulloft*. Dat is al sa'n tizeboel en nei dy tekst is eins nea sjoen.³

2. List fan de oerlevere ferzys

Der binne my fan *De Goaldene Brulloft* tsien ferzys of fragminten fan ferzys bekend wurden. Se lykje allegearre wol wat op elkoar. Ik sil se opneame en elk in letter jaan. Alhiel gelyk binne gjin twa, in folsleine tekst jouwe mar fjouwer, D, G, H en I. I mist allinnich in stikje oer ierappels. G, in auto-graaf út 1831,⁴ hat hiel wat ekstra's, te witten in foech ynlieding en in ynka-dering yn in hiel oare kontekst, nammentlik dy fan Gysbert Japix.⁵ Dêrom kies ik derfoar om dy út te jaan. Ik lit de oersetting yn it Nederlânsk wei, dy't Scheltema sels op de Fryske tekst folgje lit. Allinnich de titel hat gjin oersetting.

A. Hy joef di sulveren Brilloft ijn trijen: Dit gezegde is ons voorgekomen in den Vijftiende Eeuw by gelegenheid dat Homme Lieuwes Jukkema en Tet Unia te Sesbierum Vyf en twintig jaren waren getrouwd geweest, yn: Twaalf duizend spreekwoorden, 974 hs, bls. 698, Tresoar

B. Van een gouden bruiloft, in de zeventiende eeuw in Friesland gehouden, heb ik reeds iets gezegd in mijn Mengelwerk, D. IV St. II. bl. 217. Dezelve werd gegeven door Douwe van Teetlum en Antje Heeres Risselada,

Verzameling van spreekwoorden, gezegden en anekdoten, benevens belangrijke geschied- en oudheidkundige aantekeningen enz., meereendeels Vriesland en de Vriezen betreffende; alsmede taalkundige ophelderingen omtrent den oorsprong en de ware beteekenis van oude Vriesche woorden en gezegden. Op fersyk fan Scheltema fersoarge Wopke Eekhoff as 'Tweede stukje' yn 1831 in útwreide werútjefte, mei deselde titel. J. Hepkema publisearre inkele tûzenen yn syn *'n Bloemlezing uit Paulus Scheltema's Twaalfduizend Friesche Spreekwoorden, Gezegden en Anekdoten* (s.j.).

2. Sjoch Breuker, *Opkomst en bloei*, 235-281, en de bewurking dêrfan fan Rolf Bremmer en my yn *Studies in Medievalism* (2024).
3. Ik tankje de redaksje foar har opmerkingen by de earste ferzy.
4. Oft de autograaf noch bestiet en wêr't dy dan is, ha ik wol om socht, mar bin ik net achter kommen. Ik liende him yn 1991 fan M. Cuperus yn Beetstersweach en makke der in fotokopy fan.
5. Gysbert Japix komt yn de foarm fan in pear oernommen wurden en útdrukkingen ek noch foar yn H (cf. oer dy letter de paragraaf List fan de oerlevere ferzys). Sjoch fierder de paragraaf Datearring en ûntjouwing.

rijke erfgezetenen te Tzum, yn: Jacobus Scheltema, *Geschied- en letterkundig mengelwerk* D. IV St. III (1832) 313; 1675.

C. Jæ haodne hægtyd ynne fierde knee: Brassen en Bruiloften daar hielden de ouden veel van, byzonder de Edelen en eygen Erfden van zodanige Gouden Bruiloft van Lieuwe van Teetlum in Aafk Hero's Tochter gehouden te Tzum op den 17 van Herfstmaand 1661 hebben wy nog eene beschrijving [...] Dat dye Symen fen Titlum in Aafk Lieuwe Tochter yn sextienhondert san en sextig [...], yn: Twaalf duizend spreekwoorden, 974 hs, bls. 115-116, Tresoar; Lieuwe 1661, Symen 1667.

D. De oude Vriezen hadden ook oude gewoonten daar van zal ik eene Goudene Bruiloft beschrieven die gehouden is te Tzum op Teetlum in het jaar 1661 ten huize van Lieuwe Hommes en Aafk Heeres, voorouders van mijnen overledene Eerste Vrouw Akke Hessels Risselada, autograaf, Frysk mei oersetting yn it Nederlânsk, yn hs 1222, 150-157, Tresoar; earst 1661, letter 1664.

E. De gouden brulloft fen Douwe op Seetlum mei Aefk Herres dochter Risselada durre mei it dàuk-slikjen fen d' iene snein ta di oare. Nei di brulloft kamen di earme minscen da altiden to dàuk-slikjen, allinnich mei dizze beide rigels oerlevere, yn Justus Halbertsma, *Lexicon Frisicum* (1872) 618.

F. Beschrijving van de Gouden Bruiloft van Lieuwe van Teetlum in Aafk Heeres dochter, gehouden op Teetlum onder Tzum in het jaar 1634, autograaf, Frysk mei oersetting yn it Nederlânsk, net folslein, yn 260 hs, 141-145, Tresoar; 1634.

G. De gouden Bruiloft van Lieuwe van Teetlum en Aafke Heero's dochter met deszelfs Stamboom en Levensschets van Heero Thijzen, autograaf, Frysk mei oersetting yn it Nederlânsk, yn 1991 yn partikulier besit; 1664.

H. De goaldene Brulloft fen Lieuwe fen Titlum in Aafk Heeres, hâdden to Tzjom, ijn 't jier sextien hondert in fjouwer in sextig, mey jerre Stambeam; in ijen Libbensschets fen ijen âde, rjuechte, ruwne Fries Heere Thijzen, dij dizze Brulloft op sijn tziende jier bijwenne hat, *Vriesch jaarboekje, of almanak voor het Schrikkeljaar 1832*, s.p.; 1664.

I. [Toen Lieuwe van Teetlum en Aafke Heeris vijftig jaren waren getrouwd geweest], *Stamboek van den Frieschen adel* II (1846), Nalezingen en verbeteringen, 4-6; 1664.

J. Ofskrift fan Dominicus Cannegieter (1842-1909) fan in net bewarre autograaf fan Paulus Scheltema, Teetlama-huis, Teetlum, Tetlum, of Titlum, yn: Aanteekeningen 212-217; Hs 717, Tresoar.⁶

6. Mei tank oan Liuwe Westra, opgroeid op Teetlum.

3. *De tekst*

De gouden Bruiloft van Lieuwe van Teetlum en Aafke Heero's dochter met deszelfs Stamboom en Levensschets van Heero Thijzen die deze Bruiloft heeft bijgewoond toen hij tien jaren oud was in het jaar 1664

Wie dit werk scheurt met Solus handen,
of het kauwt met Momus tanden,
Om zoo te zeggen, het is ergens nog nergens toe goed,
hoort, hoor ô Landsman, zoo boos als kwaad,
Ontgeef Uw geene uitgelatene weegen
't is altijd goed om den aarz te veegen.⁷

It iz naet allinne uwt extuum⁸ for Heero Thijzens folck waems libben ick bischrjeun ha, eack naet uwm ta proânckjen mej Sijn Stambeam, dij ick mej wirtel in toeke fenne groân oaf ophelle ha fen wol fjower houndert jier, mar wol uwm it aodde ijn libben ta haodden fen dat Folck, weroan ick trog hylck boan wæst ha, siecker neat om en namme ta meytze (sic) hab ick ijnne Schiemerjoân fen mijn libben; dear mijnre jierren oân e tachtig binne, di gjoâldne Brilft fen Lieuwe fen Titlum in sijn wijf bischrjeun, sa az di trog mijn earste Wijfs oârhe Heijth ijn't jier sextien houndert fjower in sextig bij wjænne iz, uwm for it Neijzied ijn 't libben ta hoâdden, dearbij hab ick en bijtje schrjeun fen e foraôdders fen Lieuwe in Aafke; mej en libben schets fen Heero Thijzen.

Dat hab ick schrjeun ijnne Lan-tael fen dij tijed, in oerbroggt ijnne tael fenne tjenwirdige tijed, uwm dij beijde ijn libben ta haôdden,⁹ in deer alles wierheijt iz, hab ick it mej mijn namme teekne

Paulus Cornelis Scheltema

-
7. Fertaling fan in motto fan Gysbert Japix út syn *Friesche Rymlerye* (1668); ed. Breuker, *It wurk fan Gysbert Japix*, nr. 5004, s. 2v.
 8. De betsjutting fan it wurd, dat ferbân hâldt mei nl. estimeren, is wol dúdlik: achting. Oft it ek echt yn it Frysk foarkommen is, wit ik net. It kin ek wol op rekken fan Scheltema syn nocht oan opsieren te tankjen wêze. Hy brûkte it ek yn in brief fan 1923 oan P. Boeles (Breuker, *Opkomst en bloei*, 296). Yn syn oersetting hat er ek wol wat oerdreaun: een ware hoogachting.
 9. It is my net dúdlik wat Scheltema hjir seit of bedoelt. De 'Lan-tael fen dij tijed' sil it Frysk fan de tiid wêze dêr't it ferhaal yn spilet, yn de santjinde iuw dus, mar hoe âld oft er syn Frysk ek makket, santjinde-iuwsk is it net. En fyftjinde-iuwsk ek net, dêr't de âldste ferzy yn spile. Bedoelt er dan mei 'oerbroggt' dat er dat Frysk fan him wat oanpast hat oan sa't it yn syn tiid wie? Of hellet er de saak troch elkoar, en bedoelt er dat it ferhaal yn âld-eflich Frysk skreaun is en foarsjoen fan in oersetting yn it Nederlânsk?

Do Lieuwe fen Titlum in Aafke Heero's dochter fjiftig jier boascke hijene, joene jê di goâldne Brilft oân hjar Bern, Bernsbern, in Neijbern, dij do mejj dij oânboâscke houndert trettien wierne. Dij Brilft wirde haôdden ta Tjum op Titlum ijn 't aôd Stamhuwz fen Lieuwe ijn 't jier sextien houndert fjouwer in sextig, in djurre fen Snein ta Snein, meije Meijbeam in flag oppe schurre.

Dear wirde en uette Oxe op slagte; ijten, drenken in kaôdschael¹⁰ wier er nin breck, in do it douwckslikken¹¹ oankaâm wird er jiette for trietig man brea bakke for 'e earne Ljoe, wijld, in jild,¹² dij dear heijn in fier di luft fen hijene, in dear op ta kârne uwm finne likjes in klikjes en roân swiet lijf¹³ ta hebben.

Do wier it, war dij Buwck! iz di Buwklaper dea, gear ijten tijnt neat uwt, goe bjear iz eack naet quea.¹⁴

Lieuwe hije dear op meijtse litten en schinsfet¹⁵ fen santig læd Spaanscke kluit¹⁶ uwm Breed in Breageman lock ta winsckjen mejj hjar fjiftig jierige Boâsck.¹⁷

Do kaam Heijth wer ijnne Meij:¹⁸ Hij donse dat it gonse, in sobbe sijn wijf dat it sabbe sa, dat it wetter him oer e toâscken roân.

-
10. Neffens it WFT in gerjocht, 'bereid met bier, brandewijn en eieren en daarin verkruimelde beschuiten, het geheel bestrooid met suiker en kaneel'. Scheltema hat yn syn oersetting: lepelkost. Cf. 'kringelskeel' yn Faltings & Jannen, *Nei Fering-Öömrang Wurdenbuk* (mei tank oan de redaksje).
 11. Yn de oersetting fan Scheltema: 'overschot'. Lettere wurdboeken geane foar 'doukslikje' dúdlik werom op Scheltema, dat it liket de fraach oft it wurd wol bestien hat, likegoed as de saak sels. In 'douk' is Nederlânsk 'deuvik'.
 12. Jong en âld? Of: bekend en ûnbekend? D hat: heijn in fier, H: wijld in jeld. Dijkstra, *Friesch woordenboek* hat op it lemma 'gyld' foar 'gyld en wyld': bekenden en vreemden.
 13. Sitaat út de 'Friesche Tjerne' fan Gysbert Japix; *Friesche Rymlerye*, ed. Breuker nr. 5007, 7, s. 1.
 14. Sitaat út de 'Friesche Tjerne' fan Gysbert Japix; *Friesche Rymlerye*, ed. Breuker nr. 5007, 13-14, s. 1.
 15. 'Skinkfet', yn de nl. oersetting 'beker'.
 16. Nl.: brok. Scheltema fertaalt it as 'silver'.
 17. (Noat fan Scheltema). Nota Dat silvren schinsfet, dat forgoâlde wier az en sinnebeald oppe goâldne Brilft, iz oan it Huwz fen Heero Thijzen biwarre blieun ta ijn 't jier santien houndert acht in fiertig, in iz do ijnne offerkiste komd. (Noat fan 'e besoarger). Yn de Nederlânske oersetting stiet: 'in 's Lands offerkist'.
 18. Spile it bekende liet 'Daar ging een patertje langs de kant./ Hei 't was in de Mei' him troch de holle? Dat waard neffens Jacobus Scheltema, *Geschied- en letterkundig mengselwerk* IV, 3^e st. (1832) 163, yn syn jeugd by brulloften yn de boerestân noch songen en dûnse.

Dat koe jiette ris Brilloftjen hjiette.

Do it Huws biezem schien¹⁹ wier, in 't wiet er uwt, brogt me neij Stæd fijv leage geele Wijn fetten, trije Barndewijns fetten, in etlijeke Bjeard fetten.

Fen dij Brilft kaam loen²⁰ fen, in roân ijn frede oaf, dat ijn dij tijed naet jamck²¹ barre.

Di Beam, dear Lieuwe en toeke fen wier, iz aôdder az di Tjummer Toer dij ramet iz ijnt jier fiertien houndert tua in tachtig, do [de] Mastersfeijnt deijz en braspenning²² fortjenne.

Di oer oârhe Heijth fen Lieuwe wier Homme Lieuwes, dij seag it ljeacht ijn 't jier do me 't lippen²³ Rogge for san bottjes cæpa,²⁴ in't lippen jouwer for en stoter,²⁵ dat wier ijn 't jier fiertien houndert in tua in sextig, seijt Pier fan Winsum.²⁶

Di oerh²⁷ oare Heijth fen Aafk Lieuwes Wijf wier Heero Geerlofs, dij komt foor bij Winsemius ijn 't jier fiertien houndert tua in tachtig;²⁸ dij wier en soon fen Geerlof Steinforte, dij ijn 't jier fiertien houndert in trjietig Olderman ta Snits wier.

Heere Geerlofs wijf hiette Frouck Hania, deer fen hab ick jiette en silvren white,²⁹ dij mej tua in trietig jolne spjaldawirck³⁰ uwm seamme wæst iz.

eack hab ick jiette fen dij tijed en Lansdeij ammer fen Wal fiscck bird,³¹ mej jjoâldne neijlen gled in mooij.

19. Sa'n bytsje skjin; de tekst yn it *Stamboek* (I) hat 'halfschool'.

20. Scheltema hat yn de fertaling: gerucht. Ferlykje yn it Skiermûntseagersk en it Amelânsk *lom* 'geluid' (mei tank oan de redaksje).

21. Faak.

22. In munt fan 1,25 stoer.

23. Ynhâldsmaat.

24. De útgong op a is Midsiuwsk en hjir in útfining fan Scheltema.

25. Tolvenheale sint.

26. Cf. Winsemius, *Chronique*, 272. Scheltema sitearret him net letterlik en ek net op it goeie jier. By Winsemius is it yn 1463 en dy neamt in lêst rogge foar njoggen Rynse gûnen en in ljippen hjouwer foar fiif botsens.

27. De 'rh' is in útfining fan Scheltema.

28. Dat kloppet; hy wennet dêre yn Boalsert.

29. Neffens Scheltema syn oersetting in halskraach.

30. Jellen spjeldwurk. De 'a' oan de ein fan 'spjalda' is in útfining fan Scheltema om it wurd mar in âld oansjen te jaan.

31. In Lânsdei-ammerke soe brûkt wêze troch folmachten op de Lânsdei om har iten yn mei te nimmen. It Frysk Museum hat neffens de *Encyclopedie van Friesland* (s.v. Landdag) trije, mar dan net fan walfiskbien, mar fan hout.

Lieuwe Folck wierne Schieringers, in Aafke folck wierne fenne Uet-cæpers; dat lekken kleure naet, mar dat bettere meije tijed.

Heero Thijsen, dij mejj oppe goâldne Brilft wæst iz, tjenne ijn 't jier sextien houndert tua in santig di generaal Aijlva, do dij mejj fiertien houndert Friezen Barentje fen Galen³² oppe rin joeg mejj fiertien toezen man, in Frieslan biwarre for een feinlijcke ijnjal, ijn tijed, dat Hollan schier onter³³ wetter stoe; Utert, Naarden in Woerden troge Fransen wierne ijnnoemd; Gelderlan in Oerijzel hjar hijene oer joân, in Grins in Coevren wirdne³⁴ biroân.

Do wierne it di Friezen allinne dij di Flag litne wajjen; dear fen kaam it sprekwird tjen tjen ijen, dear ijn fijnt di Fries nin bijen.

Do makke Heero Thijsen en man uwt, dear wirdne mirakels fen forhelle: sinz³⁵ dij tijed fiere hij – mejj dij mejj wæst hiene, dij deij do jæ di Munsterman oppe flegt drjeun hijene, dat wier oppe trettiende fen Hersftmoânne (sic), dear fen iz hij jierren lang linne oerblieun.

It sprekwird, Hij heat mei wæst, iz dear fen jiette oerblieun.³⁶

Heero Thijsen boâske ijn 't jier sextien houndert in tachtig mejj Renscke Hessels Baarda, en Erfdochter fen en âodde Frieske stam, dear heit³⁷ fjower Jongers bij han, Thijs, Hessel, Bauke, in Fedde:³⁸ Hessel wier di Faer fen mijn earste wijf Akke Hessels Risselada.

Heero Thijsen libbe trouw mejj Wijf in Bern.

Ijn 't jier santien houndert tua in trietig kaam hij t'huwz mejj en sood Kartoffels,³⁹ dij sijn Wijf in Bern do jiette ne sjoen hijene. Uwm dij ta siedden, in ta ijten scharre⁴⁰ men dij az wirtels in rapen ijne ertpoât, in sa warden dij mejj en stick speck er bij oer it fjoer hinge, dat wirde

32. De biskop fan Munster, Bearend fan Galen.

33. De 't' fan 'onter' is in útfining fan Scheltema, mooglik mei it Dútse 'unter' yn de holle, mar grif bedoeld om it allegearre mar Frysker te meitsjen of lykje te litten.

34. De útgong op 'ne' sil Scheltema oernommen hawwe fan Gysbert Japix, al kaam er yn syn tiid en ek letter noch lang mear foar (sjoch Dyk, 'Diverging Influences', 58-59 en Hoekstra, 'De Let-Âldwesterlauwerskfryske metatesis', 234-236).

35. In fariant fan Nl. 'sinds', in wurd dêr't Scheltema blykber gjin Fryske wjergader fan koe.

36. Ek in eigenmakke sprekwurd, ien út syn 12.000.

37. Ferskriuwing foar: 'hat hy'?

38. Se trouden yn 1691 en wienen yn 1749 mei har seizen. Der hienen mear bern west (Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada', 146).

39. Net bekend oft it wurd yndied brûkt waard. It kin ek by Scheltema weikomme.

40. Fan 'skarje', 'skraabje'. Scheltema hat yn de oersetting: 'sneed'.

allegearre smoâds; goe rie wirde djoer, do dear moâl bij, om er strouw⁴¹ fan ta bakken, dat noâske Hinke mui⁴² dij hette aôdfrensig wier, eack naet; dij joe do dat grijmm⁴³ ijtten oanne bargaen.

Sinz dij tijed kamne dij IJerdapels onter e menscken al neuwckelijtzen ijn bruwkma, in nuw houndert jier dear neij benne dij for rijck in earm, for lijts in great deiskost.

Ijn 't jier santien houndert fiertig, do Heero Thijzen fjowir in tachtig jier aôd wier,⁴⁴ roân hij jiette mej tua fen sijn soânnen, dij men Herre Thijssen jongers hjiette, op scheuwels fen Lutjelollum neij Leuwert, in do hij joâns t'huwz kaam smoâcke hij sijn piepke in drinste⁴⁵ hij sijn kantje bjear bij di hird, sonter⁴⁶ dat hij wirg wier.

Hij wier trouw bij sijn aijn wirck, buwte tienst fan Hof⁴⁷ in Tjercke.

Sijn lear wier eart Goâd, in hâd sijn ghebod; sijn wird wier sijn wet, in sijn jâ wier jâ.

Hij woe naet rejarje, naet fjeuchtte in naet swarre,⁴⁸ in wie nimmer for e Rjeuchter dage uwm gjield,⁴⁹ neaf⁵⁰ lethar.⁵¹

Hij oerroân⁵² nimmen; dij bi him kaam wier wolkom, in wirde tiggge tracterre sonters⁵³ op meed fen sijn aijn bij-ën; dij dan tafolle crigge wirde neij haôdden: hij heat bij Herre Thijzen ta gast wæst.

Hij drinste Koffi neaf thee, - mar di kanne mej bjear hje er fore han stean.

41. Pankoek.

42. Hinke-muoi.

43. Yn Scheltema syn oersetting: vermingde. 'Grijmm' docht oars earder oan 'lilk' tinken.

44. Hy wie berne yn 1660 (Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada', 146) en doe dus 80.

45. Fan 'drinze', dat wat oars is as 'drinke' en dat hjir net past. 'Drinze' is ferdrinke, ek by Gysbert Japix.

46. It wurd hat net bestien, likemin as 'sonters' en 'onter', dy't Scheltema ek brûkt.

47. 'Hof' komt allinnich yn dizze redaksje foar, op de oare plakken is it 'steat'. 'Hof' sil in ûntliening wêze oan 'Egge, Wyneringh in Goadsfrjuen' (*Friesche Rymlerye*; ed. Breuker, I, 71).

48. Prinsipes fan Menisten, mar Heere wie grifformeard (cf. Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada', 146).

49. Jild. Yn dizze foarm is it wurd net oerlevere.

50. 'Noch'. It wurd hat net bestien en is in optinksel fan Scheltema. Hy sil tocht hawwe oan NL. 'oo', dat yn it Frysk soms 'ea' is, en oan de wikseling fan 'ch' en 'f', lykas yn 'kocht'/'koff'.

51. Sabeare Aldfrysk, ik ha teminsten gjin wurd yn it Aldfrysk fûn dat derop liket en dy út-gong op 'ar' kin allinnich mar Aldfrysk wêze.

52. Tefolle by ien komme, de drompel swart rinne.

53. Foar 'bysûnder'. In wurd dat net bestien hat; ferlykje 'onter' en 'sonter'.

Kaôdde Jenever wier bij him fenijn, in witte wijn op knoopen⁵⁴ fen alst medicijn.

Hij dije folle goed oân earne Ljoe, dear woe hij nin tins⁵⁵ for hadde.

Hij stoe bij Heag in leag Hæg oppe stalle.

Hij wier Gritsck op sijn klean, sonters op sijn swart linnen rok mej hæcken in oesen, dij him oân e schoeg ta hinge, in op sijn wijtte das, eack op sijn hogge,⁵⁶ in schoeg mej riemmen, in wetterlapen.⁵⁷

Hij proâncke ne mej silver neaf gjoald, dat hije er for e nead ijne puwl.⁵⁸

Bij nead in bran wier hij for oân bij djoe,⁵⁹ dear speare hij nin doâve stokken.⁶⁰

Bij scheel schoe hij dij Hijngst neat fenne stal liedde,⁶¹ ljeaver schinste hij hjar di roozen, in litte hij hjar di porte sjean.⁶²

Al ha demmen in beschaet hij eack wier, schinste hij hjar eack wol eris dij fijgebeam.⁶³

Sijn sinsprek wier,

54. Yn de Nederlânske oersetting fan Scheltema: ‘knoppen’. Alst (nl. alsem) hat knoppen.

55. Yn de Nederlânske oersetting: ‘dank’.

56. Giet grif werom op ‘Nyschierige Jolle’, *Friesche Rymlerye*; ed. Breuker nr. 5039, s. 52. In ‘hogge’ wie in mes. By de oersetting fan Scheltema (‘zijne hoed met eene hooge bol’) stiet as noat: ‘Volgens overlevering had één van Heere Thijsen voorouders zodanigen hoed in ’t jaar 1482 gekogt voor vijf stuivers, oâf fijv stoeren.’ In lange rok mei heakken en oesen en in hege hoed droech ek Sikke Obbes fan Achlum, sa’t Scheltema noch fan mear as sechstich jier lyn heugde en op 1 oktober 1821 oan Joast Halbertsma skreau (Breuker, *Opkomst en bloei* (2014) 288).

57. Waarden ûnder de broeksboksen om de ankels bûn, sadat it reinwetter net yn ’e klompen rûn.

58. Yn de Nederlânske oersetting: ‘zak’.

59. Scheltema hat yn de fertaling: ‘bij de hoop volk’. De útdrukking komt by Gysbert Japix wei, bygelyks út ‘Nijschierige Jolle’ (*Friesche Rymlerye*; ed. Breuker nr. 5040, s. 53). De betsjutting is: no en dan, mar Epkema, *Woordenboek*, s. 229 jout út Albert ten Broecke Hoekstra syn anonime *Nuttigheid der taalkennis* [1812]: bij den hoop. Scheltema sil weromgean op Hoekstra, want hy hat dizze fertaling ek al yn de oersetting fan de *Friesche Rymlerye* (244 Hs, Tresoar), dy’t er neffens syn brief fan 22 novimber 1822 oan Joast Halbertsma oan boargemaster Jannes Haitsma fan Boalsert stjoerde (197 Hs, Tresoar).

60. Prikken; sitaat út ‘Sjolle Kreamer’, *Friesche rymlerye*; ed. Breuker nr. 5011, s. 9.

61. Sitaat út ‘Nyschierige Jolle’, *Friesche Rymlerye*; ed. Breuker nr. 5040, s. 53.

62. ‘Portte’ foar achterste komt ek foar by Gysbert Japix, *Friesche Rymlerye*; ed Breuker nr. 5004.

63. Sitaat út ‘Egge, Wyneringh in Goadsfrjuen, *Friesche Rymlerye*; ed. Breuker nr. 5045, s. 71.

Naet ta heag, naet ta leag
Naet ta mal, naet ta froed,
Dan gjiet it ommers goed,
In crigget elts sijn deag.⁶⁴

Di mulweij⁶⁵ iz di beste, sej Heerom⁶⁶ op it letste.

Hij hinge sijn siegel oân Gijsbert Japicx beste moêrstael,⁶⁷ dear woe hij nin foroâring ijn meijtse, in dij woe hij eack naet for grijmmancke.

Uwm dij suwer in reijn ta haôdden jouw ick dit wirck neije letter oân it Friesch jierboekje for it jier achttien houndert tua in trietig, it tachtigste jier fen mijn libben.

Ick ha it schrjeun sonter brill, in mej mijn namme teeckene

Paulus Cornelis Scheltema

D'Æbare trapet plomp ijn 't gnod,
Oer 't goe kruwd hinne, in sijkt di Podd',
Dij hir uwt naet az fuwl op sijkje,
moâmme eack mej rjeucht bij Reaschoânck lykje.⁶⁸

4. De skriuwer

Paulus Scheltema (1752-1835) wie it type fan in gelearde boer, dy't ek maatskiplik wakker aktyf wie. Syn libben lang hat it in drok beset man west. Hy wie in soan fan de Frjentsjerter stedssekretaris en in broer fan de lanlik bekende publisist Jacobus Scheltema. Hy hat nei de latynske skoalle west, mar dy mooglik net alhiel ôfmakke. Doe't er toalve wie, waard er klerk op in kantoar, mar syn niget gong mear út nei it boerebedriuw. Hy troude yn 1774 mei in boeredochter fan Lytselollum en waard doe boer op Doaium. Beide buorskippen foelen ûnder Frjentsjer. Yn 1787 flechte er as fûl Patriot de provinsje út en hy kaam pas yn 1795 werom. Yn 'e tuskentiid hienen hy en syn frou koart yn Amsterdam en Burg Steinfurt wenne, dêr't sy stoar. Langer hat er yn Kampen wenne, dêr't er in houtseachmole kocht en yn nôt

64. Daai; grif in optocht wurd.

65. Letterlik nl. 'middelweg'. Yn de Nederlânske oersetting: 'de midden stand'.

66. Omke Heere; cf. Hinke mui.

67. Gysbert Japix hat it yn syn 'Nauw-keurigen Needer-lander' (*Friesche Rymlerye* 1681; ed. Breuker, s. 277) oer 'mijn grijze moeder - ja beste-moeder-tael'. Scheltema wol dy taal likemin as Gysbert Japix feroarje, mar dy seit dat er dat wat de stavering oangiet, just wol dien hat.

68. Ien fan de trije motto's fan Gysbert Japix syn *Friesche rymlerye*, ed. Breuker, 2v.

en jiske hannele. Hy troude dêr wer en waard sa in omke fan Henricus Amersfoordt, dy't yn 1818 rektor fan de latynske skoalle yn Snits waard.

Fan 1796 oant 1803 wie er sekretaris fan Wymbritseradiel. Doe gong er werom nei Frjentsjer, dêr't er notaris bleau en ûntfanger fan de 'ferponding' waard. Foar it skriuwwurk hie er in klerk. Hy stichte ûnder Frjentsjer ek twa grutte poldermolen en wie tagelyk fetweider en feehanler. Hy hearde yn 1812 al ta de seishûndert rykste ynwenners fan Fryslân. Syn twadde frou stoar yn 1815, bern hienen se net, likemin as dat der bern út it earste houlik wienen. De pleats yn Doaium hie er al dy tiid in setboer of hierder op. Dy ferkocht er djoer yn 1823, wylst er inkele jierren letter goedkeap in oaren ûnder Tsjom kocht.⁶⁹ Yn 1822 waard er rintenier. Underwilens hie er fan 1797 ôf geregeld by lanlike priisfragen en sûnt 1813 ek as korrespondearjend lid fan de *Nederlandsche huishoudelijke maatschappij* publisearre oer lânbou-ûnderwerpen. Noch oer 1827 skreau er foar dy NHM syn jierliks ferslach oer de lânbou yn de provinsje.⁷⁰

Om 1813 hinne begong Scheltema mei Fryske skriuwerij. Hy sette doe de *Tesck-laow* op en wurke yn dyselde tiid foar't neist ek al oan *De Goalde-ne Brulloft* en de ta in 12.000 útgroeiende samling fan meast selsmakke sprekwurden. Der binne lykwols ek guodden by dy't grif bestien hawwe en oaren dy't de foarm fan in anekdoate ha.⁷¹ Fan 1821 oant 1823 hat er in soad fertaald fan Gysbert Japix, dy't doe yn Fryslân yn it middelpunt fan de belangstelling kaam te stean. Yn 1823 skreau er in skiednis fan Fryslân sûnt de Romeinske tiid en in oersjoch fan ferbetteringen yn 'e Fryske lânbou en feefokkerij. It oare jiers hat er tolve preken fertaald. De lêste jierren fan syn libben hat er meast oer histoaryske saken skreaun. Dêrby binne ek seishûndert bynammen fan Frjentsjerters út syn jonge tiid.

Scheltema nimt in apart plak yn ûnder de skriuwers út it begjin fan de njoggentjinde iuw, lykas de Halbertsma's, Posthumus en Salverda. Hy wie earst al fierwei de âldste. It skeelde wol hast tritich jier. Hy begong ek earder mei Frysk. Sy binne te sjen as de Beweging fan 1822 en fielden har stean yn de tradysje fan Gysbert Japix, hy begong om 1813 hinne. Dat er him ien fan har fielde, hie er Joast Halbertsma yn 1823 al merke litten.

69. Sjoch Breuker, *Opkomst en bloei*, 225.

70. Breuker, *De Greidhoeke*, 346-351.

71. Sjoch oer dy lêsten Breuker, *Opkomst en bloei*, 228-231 en ek Breuker, 'De Romantyk fan it histoarysk folkslibben', 122-123. Dy anekdoaten geane faak oer lju út Wymbritseradiel en Frjentsjer en omkriten.

Doe't er it dêr oer Gysbert Japix hie, neamde er himsels 'eack sa hette fen sijn Folkje', fan Gysbert syn ferearders dus.⁷²

Hy woe de kennis fan taal en skiednis fan Fryslân ferrykje. Dat er yn dat ferrykjen yndied in taak seach, komt dúdlik út yn de ynlieding op de ferzy fan *De Goaldene Brulloft* dy't hjir útjûn wurdt. Hy neamt dêr net allinnich allegearre saken op dy't him net of net allinnich ta it beskriuwen fan dy brulloft brocht hawwe, mar ek dat de wiere reden it ferlet wie om dy brulloft en it Frysk yn libben te hâlden. Itselde skreau er yn it 'Voorberigt' by syn *Verzameling van spreekwoorden, gezegden en anekdoten* (1826):

waarmede de verzamelaar geen ander oogmerk heeft, dan om ook iets van zijnen kant te mogen bijdragen tot de herleving van de oude Vriesche taal, zeden en gebruiken

Dat ferrykjen koe er foar syn gefoel en ek fan dat fan oaren dwaan as ien dy't diel útmakke hie fan it Fryske boerelibben.

Der wie fan twa kanten ferlet fan dy kennis. Dat ferlet hie syn broer Jacobus, de histoarysk publisist mei folkskundige belangstelling, en net minder ek Jacob Grimm. Jacobus iepene yn 1813 in briefwiksel mei Grimm. Sa moat Paulus heard hawwe fan Grimm syn oprop om it nasjonale libben út it ferline fêst te lizzen, sterker noch, hy hat stof foar Grimm levere, want Jacobus frege Paulus om foarbylden út Fryslân.⁷³ Ferlet fan kennis fan Fryske taal en skiednis hienen ek de Frjentsjerter heechleararen Wassenbergh en De Crane, dy't op syn âlde dei Scheltema syn buorlju wurden wienen. Har wie it gewoane deistige libben ûnbekend en it Frysk wie har memmetaal ek net.

Djip gong syn kennis net. Achtergrûnen of motiven jout er net. Hy sleat mei syn frysktalich wurk oan by it Romantysk nasjonalisme dat om 1800 yn Europa opkaam,⁷⁴ mar in romantikus kin men him dochs net neame. Hy levere wat doe yn de kulturele wrâld moade waard. Hy is earder in kroni-keur, dy't optekene wat er ûnder eagen krige of sa't er tocht dat it west hie en sels mar ynfulde. Yn *De Goaldene Brulloft* is hy de ferteller. It liket dat er mar fertelt wat er út oerlevering wit. Oan mytologisearjen of mystifi-searjen hoecht men net te tinken.

72. Breuker, *Opkomst en bloei*, 294.

73. Breuker, 'Der frühe Einfluss', 150-162.

74. Cf. Leerssen, *Encyclopedia of Romantic Nationalism*, I 36. Sjoch noch oer it opkommen fan spesjaal de niget oan it folkslibben, ek yn Fryslân: Breuker, 'De Romantyk fan it histoarysk folkslibben'.

It is net maklik om nei te gean oft gouden brulloften sa't Scheltema dy beskriuwt, bestien hawwe. Ik ha yn de literatuer fan in brulloft as dizze mei al syn ûnderskate byienkomsten en syn doukslikjen neat fine kinnen. It tink dat se der net west hawwe.

Foar ien dy't better wist, hawwe syn optinksels wat fermaakliks. It fermaaklike wurdt fersterke troch syn niget oan it bjusterbaarlike. Dat bjusterbaarlike is net wat fan in folsleine fantasijwrâld. Hy hâldt him oan wat mooglik is, hoe apart dan ek altyd. It krijt by him foarm yn anekdoate-achtige optinksels oer aparte minsken. Dat binne dan meast guodden dy't wol bestien hawwe, mar dy't brûkt wurde om grutte barrens út de Fryske skiednis en prestaasjes fan oprjochte stânfriezen oan op te hingjen.

It is in hiele put om by Scheltema wierheid fan ferdichting te skieden. De lêzer fielt wol ûnrie, mar wit net hoe't it krekt sit. It is allegearre te moai om wier te wêzen. Al beweart er dan mear as ien kear dat it allegear wier is wat er skriuwt, dat is oars net as bluf, grif bedoeld om kritisi foar te wêzen, want net elk leaude him. Hy sil fêst witten hawwe dat er Paulus Liger neamd waard.⁷⁵

5. De haadfiguer

Yn it gefal fan *De Goaldene Brulloft* is de persoan oan wa't it ferhaal op-hongen wurdt, Heere Thijsen. Dy soe neffens Paulus Scheltema as jonkje op de gouden brulloft fan syn oerpake Lieuwe fen Teetlum west hawwe. Heere hat wier bestien, al wol dat alhiel net sizze, dat er yndied op dy brulloft west hat. Dat hat Scheltema grif mar betocht, likegoed as dat er de rest oer him mar betocht hat. Heere is by him in stânfries wurden, it idealisearre type fan de Fries.

It bertejier fan Heere hat Scheltema net witten. Yn D, dêr't de brulloft yn 1661 is, hjit er tsien. Dat is er ek yn I, mar dêr is de brulloft yn 1664. Yn J is de brulloft ek yn 1664, mar dêr is Heere njoggen. Yn werklikheid waard Heere yn 1660 berne op de eigenierde pleats Grut Rillaard ûnder Lollum, en sil er mei syn trouwen yn 1691 hierboer wurden wêze op in pleats yn Lytse-lollum. Dy pleats waard syn eigen troch oankeapen yn 1706 en 1711.⁷⁶ Nef-fens *De Goaldene Brulloft* troude er yn 1680 en waard er doe boer op de pleats fan syn âlden yn Lytselollum. Dy âlden wennen lykwols hielendal net

75. Sjoch foar in wiidweidiger karakteristyk: Breuker, *Opkomst en bloei*, 223-234. Ik ha hjir wat oare ûnderskiedingen makke en oare aksinten lein.

76. Dit en oare gegevens oer it libben fan Heere dy't hjir noch folgje, binne ûntliend oan Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada'.

yn Lytselollum, mar yn Lollum. Hy soe neffens H 89 wurden wêze en stoarn wêze yn 1745⁷⁷. It korrekte stjerjier fan Heere is 1753 en syn leeftyd wie doe 92. Dat stiet yn it lidmateboek fan Frjentsjer. Dêr wurdt ek sein dat syn frou yn 1751 stoar.⁷⁸ Yn J hat Scheltema blykber witten fan dat lidmateboek, want hy skriuwt dêr dat Heere 92 jier waard. It goeie bertejier nimt er dêr net út oer, want op de brulloft is er yn J njoggen. Dat er in oerpakesizzer fan Lieuwe (Hommes) fen Teetlum wie, moat Paulus ek mar betocht hawwe, want dy hat foarsafier't bekend is, nea bestien. Ek in optinksel is, dat Heere by it folksoproer yn 1748 as kommittearre nei de Doelen yn Ljouwert ôffurdige waard.⁷⁹ Dat waarden foar Frjentsjer dr. M. Smidts en dr. G. Coopmans.⁸⁰

Paulus hat der dus mar wat nei ret. Wol wier is, dat Heere Thijsen en de frou hiel âld wurden binne. Se sille oant har dea ek wol op de 'stampleads' yn Lytselollum wenne hawwe, want dêr wennen se teminsten doe't se stoaren. In âlde stampleads wie dat lykwols dus net, dy wie ommers pas yn 1711 har eigendom wurden. Wat dat oangiet hie de pleats fan Thys Heeres, de heit fan Heere Thijsen, better op syn plak west, want dy syn foarâlden wennen al sûnt de Midsiuwen en miskyn wol langer, as einierd boer op Grut Rillaard. Paulus neamt Lollum of Grut Rillaard net iens.

Omt er sels fan 1752 wie, hat Scheltema Heere of syn frou net persoanlik kend, mar troch syn houlik waard er yn 1774 al frij neie famylje fan har. Syn frou, Akke Hessels Risselada (1751-1788), wie nammentlik in pakesizzer fan Heere. Dat se Risselada hiet, kaam omdat se berne wie op de pleats Grut Rillaard, dêr't har heit fan 1749 oant 1755 eigenierd boer west hie, ear't er nei de pleats fan syn heit Heere Thijsen op Lytselollum kommen wie. No is it Lytselollumerwei 1.

En Akke wie net de iennichste dy't him oer Heere fertelle kinnen hat. Har suster Rinske (1755-1782) troude yn 1779 mei de Frjentsjerter keapman Nicolaas Everts Scheltema (1758-1846), in soan fan Paulus syn omke Evert (1730-1770). Omke brûkte even bûten de stêd in boerespul fan Paulus syn

77. Der stiet 1645, mar dat is in fersin.

78. Lidmatenregister Herf. Gemeente Frjentsjer, ynv.nr. 266, 236; Tresoar. Yn Scheltema syn oantekening oer Heere syn stambeam, sa't apoteker Paulus Hessels Risselada dy yn I oan de auteurs fan it *Stamboek van den Frieschen adel* trochjoech (II, Nalezingen en verbeteringen, 4-6), wurde 1753 en 92 goed neamd.

79. Mar hy woe net: 'az dij Greaten dij nead ha, dan witte jæ hjar ta bruwcken, in oarz litte jæ di hingje dear se binne; dear ta lit ick my neat finse', *Twaalfduizend spreekwoorden* 152, 1057; 974 Hs, Tresoar.

80. *Het verward Frieslandt*, 54.

heit en wie keapman, foar 't neist yn fee. Fan syn tolfde ôf wie Paulus nefens eigen sizzen in soad op dat spultsje.⁸¹ Dat hat dan fan 1765 ôf west. Hy moat dat jierren dien hawwe, sa't liket oant syn trouwen yn 1774, doe't er boer op Doaium by Hitsum waard, net fier fan Lytselollum en lykas dat hearrend by Frjentsjer. Wêr't dy komelkerij stien hat, wit ik net. It soe Lytselollum wêze kinne, ek al omdat Akke dêr wenne, mar likegoed Doaium. It wie in lyts spultsje mei in fetweiderij fan mei elkoar sa'n tweintich bisten. Hy die it wurk en omke hie it tafersjoch. Mei omke gong er alle jierren nei de merk om gaadlik fee te keapjen.⁸² Fan bern ôf wie er by in soad boeren bekend. Buorkjen wie syn wille en tier.⁸³

Akke har suster Antsje (1752-1811) troude yn 1791 mei har neef Hessel Feddes Risselada (1762-1823). Dy waard letter boargemaster fan Frjentsjer.⁸⁴ Doe't Paulus yn 1810 kommissaris fan de saneamde 'verponding' yn Frjentsjer waard, stelde Hessel him foar 10.000 gûne boarch. De 'verponding' wie in belesting op ûnreplik goed.⁸⁵

De trije susters wienen de bern fan Heere syn soan Hessel (1694-1760) en de gâns jongere Baatsje Wiltsjes (1721-1804). Hessel wie al yn de fyftich doe't er troude. Baatsje kaam ek fan Lytselollum. Yn 1749, in jier nei har trouwen, wienen se boer wurden op Grut Rillaard, mar se ferhuzen yn 1755 nei de pleats yn Lytselollum.⁸⁶ Op dy pleats húsmannen ek syn beide ûngetroude bruorren Thys en Bauke. Mei har yn *De Goaldene Brulloft* ek opfierde bruorren Fedde en Hessel waarden sy de Heere Thijsensjonges neamd.⁸⁷

Nei Hessel syn dea bleau Baatsje mei sweager Bauke op 'e pleats wjen. Thys wie al earder stoarn. Doe't Bauke ein 1778 ek weirekke,⁸⁸ sil it net lang duorre hawwe dat omkesizzer Hessel Feddes (1762-1818) op de pleats kaam. Miskyn hat dat yn 1791 by syn trouwen mei syn nicht Antsje Hessels

81. Hs 1222, 71-72; Tresoar.

82. Scheltema, 'Eerste antwoord op de vraag voorgesteld door de Maatschappij ter bevordering van den Landbouw', 1.

83. Hs 1222, 73; Tresoar.

84. Neffens Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada', 151 waard er froedskip yn 1815 en wie er fan 1818 oant syn dea ta boargemaster.

85. 1569, gemeente-argyf Frjentsjer, Frjentsjer.

86. Dat wie Utbuorren nr. 15.

87. Hettema en Van Halmael, *Stamboek van den Frieschen adel*, II, Nal. 5.

88. Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada', 148; spesykohier 1779, GA Frjentsjerteradiel, Frjentsjer.

Risselada west. De pleats stie lykwols noch altyd oant har dea yn 1804 op namme fan Baatsje, syn muoike en sûnt 1791 tagelyk ek syn skoanmem.⁸⁹

Hessel Feddes wie opgroeid op in oare pleats ûnder Lytselollum, wat fierder fan de stêd ôf. No is it dêr Wjelsriperwei 13. Ear't er nei de pleats fan syn muoike/skoanmem ferfear, buorke er mei syn bruorren Romke (1758-1806) en Thys (1765-1836) op dy oare pleats. Dat wie deselde pleats dêr't earder har heit Fedde Heeres (1709-1784) boer west hie.⁹⁰

Op dyselde oare pleats hie heit Heere Thijsen ek buorke, Paulus' Akke har pake dus. Dy sil der mei syn trouwen yn 1691 op kommen wêze. Hy wie, lykas al neamd, troch oankeap yn 1706 en 1711 eigener wurden.⁹¹ Paulus neamt dy pleats dan ek it stamhûs.⁹² Heere syn erfenis bleau noch lang in ûnferdielde boedel. Pas yn 1781 waard it skatte fermogen fan 16.833-7 gûne ferdiel.⁹³ Oan de bân fan de famylje mei de pleats kaam in ein doe't yn 1800 Thys derôf gong en in Hillebrand Gerbens der boer waard.⁹⁴

Heere en syn jonges, dy't dêr mei elkoar húsmannen, hawwe grif wat aparte lju west, mar mei har twa pleatsen op Lytselollum ek lju mei jild. Men kin wol sa'n bytsje neifiele hoe'n yndruk oft dizze wrâld op Paulus, de stedsjonge, makke hawwe moat. Gjin wûnder dêrom dat har heit Heere Thijsen yn Paulus syn hannen in legendaryske figuer wurde koe.

6. Taal

Taal en stavering fan *De Goaldene Brulloft* meitsje, lykas alle Frysk fan Scheltema, in nuvere yndruk. It is net dat der gjin systeem yn sit, want yn-

89. De gegevens oer de pleatsen en de bewenners binne ûntliend oan de spesy- en floreenkohieren fan Frjentsjer, GA Frjentsjer.

90. Stamboek II Nal. 5. It wie stim 32. Yn de spesy- en floreenkohieren (dy't te Frjentsjer deselde nûmers ha) is it Utbuorren 21. Fedde Heeres waard op 5 maaie 1784 begroeven te Frjentsjer op it súdeasten neist nr. 4 (deiboek Bauke Franssen Fopma, liend fan Hindrik Algra).

91. Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada', 146.

92. It wie stim 32. *Stamboek* II Nal. 5-6; Gen. Bibl. 501, s. 333 (fan de hân fan D.D. Osinga); floreenkohieren Frjentsjer (de pleats hat dêr nr. 32; sjoch foar de lokaasje: Mol en Noomen (ed.), *Prekadastrale atlas fan Fryslân 1700/1640: 4, Frjentsjerteradiel en Frjentsjer*, 113. Paulus, in soan fan Tys, en apoteker te Ljouwert, joech yn 1846 oan de gearstallers fan it *Stamboek* de ôfstamming fan syn famylje (mei it ferhaal oer de gouden brulloft) dy't hy fan Paulus Scheltema krigen hie. Sa koe it betoare dat de famylje ek noch ûnder de adel beskreaun waard (*Stamboek* II Nal. 5).

93. Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada', 147.

94. Spesykohieren Frjentsjer.

konsekwiint is er amper. De kearen dat er in selde wurd ûngelikens staveret, binne mar lyts yn tal.⁹⁵ Mar hy mjukset mei sin ferskillende staveringsystemen troch elkoar. Sa wurdt syn Frysk hast ûntagonklik.

Der is in soad oerienkomst mei *De Tesck-laow*, mar it is hjir wat minder ekstrem. Ik ha *De Tesck-laow* in mingeling fan ferfoarme Aldfrysk en ferfoarme Frysk fan Gysbert Japix neamd, oanfulle mei idiomatysk Frysk fan eigen tiid of soms in ferfoarme wurdje ‘Dútsk’, lykas ‘aussera’ of ‘uwn sons’.⁹⁶ Yn *De Goaldene Brulloft* stiet minder ‘Aldfrysk’ of wat dêrfoar trochgean moat. Ik rekkenje dêrta de wurden *cæpa*, *brukma* en *spjalda* (*wirck*) op ‘a’, en de ‘h’ yn *oârhe* en *oerh*. Yn dy lêste wurden ha ik de ‘h’ yn it Aldfrysk net fûn, mar hy komt yn âldere oarkonden oerfloedich achter bylûden foar, op plakken dêr’t er letter ûntbrekt. In hiel apart gefal is *lethar*. Yn Scheltema syn oersetting is it: beledigingen. Soe hy redenearre hawwe, ik moat in Frysk wurd foar nl. beledigingen fine, ik wit dat nl. ‘d’ soms fr. th is, ek dat meartallen yn it Aldfrysk wol op ‘ar’ útgeane, en dat dat prefiks ‘be’ wol jong west hawwe sil, dus ik meitsje der *lethar* fan?

Mear giet werom op Gysbert Japix, ek yn taal en staving. Te neamen binne it al synjalearre ‘ne’ foar ‘en’ yn wurden as *joene*, *jolne*, *kâmne*, *litne*, *teldene* en *wirdne*,⁹⁷ en it konsekwinte ‘ck’ foar ‘k’, ek yn ‘ick’ en ‘eack’, dêr’t Folkertsma fan opmurken hat dat dy beide lêsten ien fan ‘e betrouberste oanwizingen foar de ynfloed fan Gysbert binne.⁹⁸ Ek de ‘æ’, dy’t faak brûkt wurdt, it konsekwinte *in* foar it bynwurd *een*, en *uwt*, *naet* en *bjear* geane grif op him werom. By Gysbert koe er ek ferdûbeljende kombinaasjes fine, lykas dy’t er sels makke mei syn *likjes in klikjes*, *donse dat it gonse*, *in sobbe .. dat it sabbe* en *demmen in beschaet*, mar dy binne dochs earder ta te skriuwen oan de lessen op de latynske skoalle, dy’t se beide folge hawwe.

Bewust âld makke dogge ek oan *neaf* en it *luft* yn *di luft fen hijene*, want klopje dogge se net. De ‘f’ en de ‘ch’ wikselje hjir en dêr, ek yn it Frysk, mar *neaf* foar ‘noch’ is net oars as in optinksel en *luft* hie hjir ‘lucht’ wêze moatten. Ta de oars nearne te finen nijfoarmingjen *onter*, *sonter* en *sonters* is er grif kommen troch de fariaasje tusken Frysk ‘t’ en Nederlânsk ‘d’ yn

95. It faakst komt dat foar by ‘naet’ en ‘neat’ foar nl. niet (15 tsjin 3). Ek binne der it frekwinte ‘fen’ neist ien kear ‘fin’, it op ien kear ‘aon’ nei altyd foarkommend ‘oan’, en trije kear ‘fjower’ foar ien kear ‘fjouwer’. En dan noch elk ien kear yn ‘hæggh’ en ‘heag’, ‘teekne’ en ‘teeckene’, en kombinaasjes mei in j yn ‘gjoâldne’ en ‘goâldne’ en ‘trjietig’ en ‘trietig’ (ferlykje ek ‘Fjrentier’).

96. Breuker, *Opkomst en bloei*, 235.

97. Sjoch noat 34.

98. Folkertsma, *De staving*, 57.

wurden as ‘triuwe’ en ‘drijven’ en folle mear, ek al wikselje dy dan allinnich oan it begjin fan in wurd. Nl. ‘nooit’ is by him *ne*, dat yn it âldfrysk foarkomt, mar dan as klityske negaasje ‘net’ betsjut.

Scheltema hat dus ek yn *De Goaldene Brulloft* mei sin gjin Frysk skreaun dat er sels spriek. De simpelste ferklearring is, dat er oan syn skeppingen ek troch middel fan de taal de kleur jaan woe fan de âlde tiden dêr’t se yn spylje. Mar it kin ek wêze, dat er dy wurden út it Aldfrysk en fan Gysbert Japix en dy frijemde regeltapassingen brûkte om in ‘echter’ Frysk te skeppen. Dat soe dan oanslute by in oare trek fan syn taalgebrûk. Hy hat ek wurden dy’t echt Frysk neamd wurde kinne, lykas *jamck*, *aôdfrensig* en *grijmme*.

Oft er dêrmei de bedoeling hân hat om by te dragen oan it foarmjen fan in soarte standert foar de Fryske skriuwtaal, liket my net wierskynlik. Scheltema hat him nea útlitten oer in goeie stavering. Wol skriuwt er dat yn it tekensysteem fan it Frysk gjin regel is.⁹⁹ Nei in standertstavering waard doe oars wol sribbe en de mieningen wat dy dan wêze moast, ferskilden frijwat. De stavering fan it Frysk lei yn syn tiid noch net fêst.¹⁰⁰

Wat ta beslút omtinken fertsjinnet, is de fraach hoe’t men ferklearje moat dat titel en motto yn it Nederlânsk binne en it hiele stik boppedat ek fan in Nederlânske fertaling foarsjoen is. It jout de yndruk dat er lêzen wurde woe en dêr mei Frysk allinnich net op fertroude. Hy moat skreaun hawwe foar guodden dy’t it Frysk net goed koenen of it net lêze koenen, want der is hast neat fan him yn dy taal, of hy jout der in taljochting of in oersetting yn it Nederlânsk by. Ien kear is my bekend dat er dêr wat oer seit. It wie doe, omdat er heard hie dat boeren har eigen taal net ferstienen.¹⁰¹

7. Datearring en ûntjouwing

De Goaldene Brulloft is yn gâns wat farianten oerlevere.¹⁰² Dat komt troch Scheltema syn ivige gewoante om elke folgjende ferzy wer krekt even oars te meitsjen. Ik kom op tsien. Yn de fiif dêrfan dy’t kompleet en ôfrûne hjitte kinne, sitte twa soarten ferskillen. It iene ferskil komt foar yn de ferzy fan it *Stamboek van den Frieschen vroegen en lateren adel*,¹⁰³ dêr’t it ferhaal oer opkomst en ûntfangst fan de ierappel yn ûntbrekt, dat yn de oaren nochal útwurke wurdt.

99. Yn in brief út 1816 oan J.H. Hoeufft, werújûn yn Breuker, *Opkomst en bloei*, 286.

100. Sjoch Folkertsma, *De stavering*; Folkertsma behannelet Scheltema net.

101. Yn in brief fan 16 oktober 1823 oan P. Boeles (Breuker, ‘Joost Halbertsma: een zwak voor Paulus Scheltema’, yn: Breuker, *Opkomst en bloei*, 296.

102. Se wurde opneamd yn de paragraaf ‘List fan de oerlevere ferzys’ hjirfoar.

103. Nr. I (sjoch de paragraaf List fan de oerlevere ferzys).

Wat ek noch ferskilt, is yn twa fan de fiif de oandacht foar Gysbert Japix. It sil net tafallich wêze, dat dat krekt de teksten binne dy't publisearre waarden of dy't Scheltema foar publikaasje opstjoerd hie. De Gysbert-Japix-reminisinsjes binne hiel sterk yn de hjir útjûne tekst, dy't bestimd wie tekst foar it *Friesch jierboeckje*,¹⁰⁴ mar falle ek op yn dy yn it *Vriesch jaarboekje*.¹⁰⁵ Ik nim it stikje dêr't it yn it *Jaarboekje* om giet oer.¹⁰⁶ It giet oer Heere Thijsen.

Hy, uwt âde, onæfaerte¹⁰⁷ Friescke stâmmen berne, wier fen memmetate æf ijen Fries, net allinne ijnne namme, mar eack ijnne died. Az er foorschreawn Goalden Brulloft op sijn tziende jier bywenne, in sijn oer-oare-heyte Lieuwe fen Titlum sijn neijbern sijn *brân oone wân*¹⁰⁸ teande, in her de dieden fen him salm in fen sijn lânsljue for lân in frydom fortelle, dan jagge in bruwze eack sijn Friesck bloed kreftig trogge ierren,¹⁰⁹ in langhalze er al ney de tijd in ney manskrêften, dat er de fyân ondere eagen sjean, in it gleaune swird oere holle soe swaeye kinne.¹¹⁰

Beide stikken binne ynlevere yn 1831. Dat se doe of net lang dêrfoar ek skreaun binne, hat wol kâns, want doe bestie 'De ade Friezen' fan Eeltsje Halbertsma dêr't ek út oanhelle wurdt, noch mar koart. Dat gedicht waard foar it earst publisearre yn *De Lapekoer* fan 1829. Dizze datearring hâldt yn, dat Scheltema pas yn twadde ynstânsje Gysbert Japix en Eeltsje Halbertsma

104. Nr. G (sjoch de paragraaf List fan de oerlevere ferzys).

105. Nr. H (sjoch de paragraaf List fan de oerlevere ferzys).

106. Neffens it eksimplaar B225 II C op it HCL te Ljouwert.

107. It wurd is grif ûntliend oan de 'Friesche Herder' fan Gysbert Japix en betsjut dêr: net ôfweide. Epkema jout yn syn *Woordenboek* ek noch: onafgemaaid. Miskyn bedoelde Scheltema dat de stam noch libbe.

108. Noat yn de *Verzameling van spreekwoorden*: Het dit sizzen betjuet kin min sjen ijnne: Scheltema (ed.), *Verzameling van Vriesche Spreekwoorden*, 2^e stickje, sijdje 35 (noat fan de skriuwer). Dêr stiet op it sprekewurd 'Zoo zindelijk als de brand, of brandzindelijk': Welke verschillende afleidingen en verklaringen men dit spreekwoord ook hebbe gegeven, het is oorspronkelijk van het oud Vriesche woord *brân* (oud-Hollandsch *brant*), slagzwaard beteekenende. De Vriezen hadden het gebruik om in vreedstijd, of na het verlaten van het oorlogstooneel, het slagzwaard en alle deelen der wapenrusting, blinkend glad geschuurd, op een rek aan den muur in het voorhuis te hangen, waarin het geen gering sieraad uitmaakte. Vanhier het gezegde: *de brân oonne wân*, het zwaard aan den wand; waarbij dus in glans en zindelijkheid niets kon vergeleken worden.

109. Grif ûntliend oan it liet 'De ade Friezen' fan Eeltsje Halbertsma, *De lape koer*, 224): Friesk bloed, tjoch op! Wol nou ris broeze in siede/ In bonsje troch myn ieren om.

110. Untliend oan 'Tjesck-Moars see-ængste' fan Gysbert Japix, *Friesche Rymlerije*; ed. Breuker, 75.

derby helle hat, want de oarspronklike tekst moat doe al lang bestien hawwe, sa't wy noch sjen sille. Blykber hat er om 1830 tocht dat hy by al dy nije skriuwers dy't sa warber en bekend wienen, ek net fergetten wurde moast.

Der binne dus wat ferskillen yn de ynhâld, mar folle hawwe dy dochs net om de hakken. Oars leit dat mei it brulloftsjierr, de nammen fan it troupear, it tal gasten, it gewicht fan in skinkfet, en de protten drinken. Dêr sit nochal wat fariaasje yn. Ik neam se op. It brulloftsjierr is 1634 (yn F), 1661 (C en D, yn D ferbettere út 1634) en 1664 (G, H, I en J). As brêgemannen komme foar Homme Lieuwes (Jukkema), Douwe van Teetlum, Lieuwe van Teetlum en Symen van Teetlum, as breiden Tet Unia, Antje Heeres Risselada, Aafk Heeres Risselada, en Aafk Lieuwedr. Lieuwe en Aafk binne fiif kear it breidspear, de oaren ien kear. It tal gasten by Lieuwe en Aafk is 128 (C), 138 (F), 114 (I en J) en trije kear 113 (D, G en H). Dat giet dan om famyljeleden. Yn trije fan dy sân kear wurdt ek it tal doukslikkers noch neamd (dat binne de earmen, dy't nei ôfrin de restjes opite meie). Twa kear is dat tritich (yn H en J), de oare kear hûndert (F). By Symen en Aafk binne it tal famyljeleden 167 (C), by Homme en Tet (A) en by Douwe en Antje (B) wurde gjin tallen neamd. Lieuwe liet foar de gelegenheid in sulveren skinkfet meitsje, by de oaren wurdt dat net neamd. It oantal 'kluten' sulver dat it woech, wiksele wer frijwat. Yn C wie it 42, yn F 100, yn I en J 60, mar yn D, G en H hieltyd 70. It tal lege fetten wyn, brandewyn en bier wurdt ek allinnich by Lieuwe en Aafk neamd en dat binne ien kear 4, 5 en 12 (C), ek ien kear 5, 7 en 12 (F), in oaren 5, 4 en ytlike (I) en trije kear 5, 3 en ytlike (D, G, H en J).

Wat men hjir út oer de tiidsoarder fan de ûnderskate ferzys ôfliede kin, is net folle. Allinnich liket it wol wis, dat D, G en H nau mei elkoar gearhingje. D is nei 1832 skreaun, mar lykas de oaren yn itselde skrift allinnich mar oerskreaun. It origineel sil dus âlder wêze. G en H lykje beide fan 1831. Ik hâld dizze trije dêrom foar sawat de lêsten yn de rige fan ferzys.

Jonger sille allinnich I en J wêze, dy't sa nau by D, G en H oanslute.¹¹¹ Dy twa lykje in soad op elkoar, gauris op it wurdlike ôf. Sy diele eksklusyf it tal brulloftsgasten (113) en hoe âld oft Heere Thijsen wurden is (92). J is dan noch wer jonger as I, want dy hat in pear tafoegingen. Dat is earst de meidieling dat Heere 9 wie doe't er de brulloft bywenne, dan de fermelding dat it earste skip mei ierappels út Fryslân net foar 1771 nei Amsterdam fear

111. Sjoch neier oan de ein fan dizze paragraaf.

en dan noch de foar Scheltema sa typearjende oanfulling, dat men op Heere syn wurd fertrouwe koe:

hij was een dier *Friezen*, door wie het *Hollandsch* spreekwoord ontstaan zal zijn, dat zeide: ‘Gij kunt den *Fries* gelooven, want hij heeft zijne haren met den vinger aangeraakt’. – In vroegeren tijd namelijk, trokken de *Friezen* bij het afleggen van een eed, de linker hoofdharen iets naar voren en legden daarop de vingers der rechterhand.

Wat de reden fan al dy feroaringen yn nammen en tallen west hat, is ek net maklik in goed antwurd op te jaan. Dat Scheltema dy mei sin makke hat, kin oars hast net oars. Miskyn hat er foar hân, om it foar oaren wol hiel lestich te meitsjen om him op in fout te betraapjen. Dat die er ek al mei brulloftfierders te kiezen dy’t net bestien hienen. Hy koe mei al dat gegûchel altyd sizze, dat hy it ek net krekt wist en dat it gefal blykber krekt wat oars west hie.

Sjoen de fierders dus bûten nammen en tallen grutte oerienkomst yn yn-hâld tusken al de oerlevere teksten, is it net ûnmooglik dat de tekst al fuort fan it earste ûntstean ôf syn min of mear definitive foarm fûn hat. Allinnich Gysbert Japix sil der doe noch net by west ha en miskyn de ierappels ek net.¹¹²

It is lestich om dat begjin te datearjen. Der binne wol gâns redaksjes oerlevere, mar in datum stiet der nea by. Scheltema syn *Twaalf duizend spreekwoorden* kinne lykwols útkomst bringe. Dêr steane twa yn dy’t oer dy brulloft gean of dermei te krijen hawwe.

Ear’t ik neier op de datearring kom, is it dêrom saak earst te bepalen wannear’t de sprekwurden skreaun binne. Fan de sprekwurden is foarsafier’t ik wit foar it earst sprake yn 1816. Scheltema stjoerde doe ‘ijen grutte tua toessend’ oan J.H. Hoeufft yn Breda.¹¹³ Hy hat de samling dêrnei noch jierren útwreide. Hoe hurd oft dat gongen is, is net dúdlik. Op 30 augustus 1825 skreau er E. Wassenbergh dat er mei de 12.000 klear wie,¹¹⁴ mar dat hie er yn 1820 eins ek al skreaun. Doe hieten it noch *likernôch* 12.000.¹¹⁵ Op 6 novimber 1819 hie syn broer Jacobus Scheltema lykwols oan Jer. de Vries skreaun: ‘Gij weet waarschijnlijk reeds dat ik de meest klassieke verzameling over de spreekwoorden, 15 deeltjes in 4o, elk 1000 stuks, bekomen

112. Sjoch it begjin fan dizze paragraaf.

113. Brief oan Hoeufft fan 18 maaie 1816; yn Ltk 109, UB Leiden.

114. Brief yn yn Hs 1326, Tresoar.

115. Brief fan in ‘Liefhebber der oude Vriesche taal’ oan Wassenbergh; yn Hs 1326, Tresoar.

heb.¹¹⁶ De konklúzje liket dêrom, dat der nei 1819 net folle mear by kommen binne, al blykt út it oanheljen fan útjeften fan Salverda en Posthumus¹¹⁷, dat der nei 1824 ek noch oan wurke is.

Tusken 1815 en 1820 kinne wy dêrom wol sizze, dat it sprekwurd ‘Jæ haodne hægtyd ynne fierde knee’ mei syn byhearrende taljochting skreaun is.¹¹⁸ Dy taljochting is sa:

Brassen en Bruiloften daar hielden de ouden veel van, byzonder de edelen en eygen erfden. Van zodanige Gouden Bruiloft van Lieuwe van Teetlum in Aafk Hero's tochter gehouden te Tzum op den 17 van Herfstmaand 1661 hebben wij nog eene beschrijving dat die toen gegeven is aan hondert agt en twintig Perzonen Man in Wijf mej e bern in t Swægerschip hjar næckende ynne fierde knee (graad). Dat dye Symen fen Titlum in Aafk Lieuwe tochter yn sextienhondert san en sextig mey hondert san en sextig man.

Symen wier Lieuwe broer en hjar Wyven wierne Njoften. Lieuwe hije en oxe slagte fen toezen Pon; bakken in bollen kâd schaal en pruwmbrij wier er nin brek. Di greate tjilcke dy Lieuwe hir op meijtze litte hye wæge twa in fiertig lead. Op e tredde deij do it douck¹¹⁹ slikken oonkaam wird er jiette for hondert man brea bakke, for e earme ljoe dij dear fen di lufte hyene. Do it huwz biezem schien wier brogt men ney steed (Fjrentier) toalve bierfetten, fjouwer gæle wynfetten en fyf læge brandewynsfetten. In alles rôan ijn frede oaf.

Dy taljochting jout oer de brulloft al safolle bysûnderheden, dat der doe al in útwurke ferhaal fan bestien hawwe moat. It binne hjir Teetlums, Lieuwe en Symen, mar yn de âldste ferzy sil it gjin Teetlum west hawwe dy't brulloft hold. Dat koe wolris in Jukkema west hawwe, te sizzen Homme Lieuwes Jukkema. Syn breid wie Tet Unia. Sy wurde as breidspear neamd op in oar plak yn de *Twaalf duizend*.¹²⁰ Paulus skriuwt yn syn taljochting by it sprekwurd ‘Hy joef di Sulveren Brilloft ijn trijen’ oer har brulloft:

[...] Deze Bruiloft gaven zij in drie Parthijen, eerst aan de Naastbestaanden, de tweede aan Vrienden en geburen, en de derde aan de

116. 121 B8; KB, Den Haag.

117. Yn 974 Hs; Tresoar.

118. Nr. C (sjoch de paragraaf List fan de oerlevere ferzys).

119. NL. ‘deuvik’ (fan it bierfet).

120. Nr. A (sjoch de paragraaf List fan de oerlevere ferzys).

armen daar omstreeks woonagtig;¹²¹ deze laatste noemde men Douwck slikkers, en die aten dan alles op wat van de twee eerste Bruiloften was overgebleven.¹²²

Dat is dan har sulveren brulloft. Sy soenen trouw wêze yn de fyftjinde iuw en wenne hawwe yn Seisbierrum. Deselde fyftjinde-iuwske Homme Lieuwes Jukkema komt ek nochris as kreamhear yn de *Twaalf duizend* foar.¹²³ Hy bea elk dy't by de frou op kreambesite kaam, in sulveren beker oan om dêrút op it lok fan it bern te drinken en ek noch twa kear te toasten op kreamfrou en kreamhear. 'Dit voorbeeld is tegenwoordig nog by velen in gebruik', foeget Scheltema deroan ta.

Dat Jukkema en syn frou de earsten wienen dêr't Paulus in brulloft by betocht, binne in pear mooglike oanwizingen foar. Sa wurde ôfsjoen fan Douwe (B en E) allinnich by Homme en Tet gjin tallen gasten, drankfetten etc. neamd. Ek wurde se nea wer as breidspear neamd, mar binne dat fierders Teetlums.

Opfallend genôch jout Paulus Homme yn oare ferzys altyd wol in plak. Dat docht er troch him in oerpake fan Lieuwe (Hommes!) fan Teetlum te meitsjen. Homme komt ta beslút ek al hiel ier by Paulus foar, fan in Teetlum is dan noch gjin sprake. Yn it testament fan Greate Watse yn de *Tescklaow* hjit it:

Ick besprek aon ylts dy yn it kleaster heart yen eheliken leed of yen buwk mey bread in bjear, lyk jae it fen Homme fen Seisbierum han ha¹²⁴

Ik ha dat testamint rekkene by de útwreiding fan de *Tescklaow*, dy't ik yn de jierren tusken 1815 en 1819 datearje, dat is dus yn deselde jierren dat de *Twaalf duizend* klear rekken. Doe soe dus ek *De Goaldene Brulloft* ûntstien wêze kinne.

Sels is it fansels net út te sluten dat de earste ferzy noch âlder is en dat de brulloft wat letter yn de sprekwurden bedarre is. Dat soe dan betsjutte, dat it ferhaal yn deselde tiid ûntstien is as de *Tescklaow*, dat is tusken 1812 en

121. De tredde dei foar de earmen, dy't nûge waarden foar it oerskot, skine Van Alkemade en Van der Schelling ek op bls. 200 yn it earste diel fan har *Nederlands displegtigheden* te neamen, mar ik ha it dêr en earne oars yn it boek net fine kinnen. Jacobus Scheltema neamt it yn syn *Geschied- en letterkundig mengelwerk* IV, 3^e st, 173. Paulus hat dat boek kend, want hy helle it yn syn *Twaalf duizend* mear as ien kear oan.

122. 974 Hs, s. 698; Tresoar.

123. *Twaalf duizend* letter T, 974 hs; Tresoar.

124. Breuker, *Opkomst en bloei*, 273-274.

1815.¹²⁵ Dat soe op himsels ek bêst kinne, want Jacob Grimm woe net allinich ‘Rechtsgewohnheiten’ hawwe, mar ek ‘Feierlichkeiten bei Geburt, Hochzeit und Begräbnis’.

Ek al is bûten de *Twaalf duizend* yn de oare ferzys fan de hân fan Paulus Homme gjin brêgeman mear, hy bliuwt dêr yn in bepaalde passazje yn in oare rol wol yn oanwêzich. Yn de ynkomplete E en F komt dy passazje net foar, mar yn de oaren (D, G, H, I en J) is Homme Lieuwes de oerpake fan brêgeman Lieuwe fan Teetlum wurden. Dy Lieuwe hjit yn D Lieuwe Hommes, ek al is it dan in Teetlum. Jukkema stiet der dan as achternamme nearne mear by, mar yn D wurdt wol sein dat er op Jukkema yn Seisbierrum wenne.¹²⁶

It krekt oanhelle ferhaal oer Homme Lieuwes en Tet Unia liket in soad op wat Jacobus yn syn *Mengelwerk* hat:

[...] Des zondags werden de kinderen en de bloedverwanten tot in de vierde knie of graad onthaald; op dingsdag de bekenden en burenen; op donderdag de dienstboden en werklieden, zoo van den gastheer als van zijne familie, en op zaterdag werden de armen van Franeker en Franekeradeel genoodigd, tot het orberen van het overschot, of, zoo als men het noemde, op het douwkslikken, het aflikken van den deuvik van het biervat, opdat er niets verloren ginge. De berigten aangaande de hoeveelheid van spijs en drank, welke blijkens de rekeningen werd ingeslagen, vallen bijna in het ongeloofelijke.¹²⁷

It is dúdlik dat Jacobus net op krekt deselde tekst weromgiet as dy’t krekt fan Paulus oanhelle is. Hy hat mei syn wurkfolk noch in dei ekstra en oer rekkens praat hy al, mar Paulus net. Mar dat de beide ferzys ek net los fan elkoar steane, is ek dúdlik. De fraach is dus, wa giet op wa werom? By de *Tescklaow* wie nei te gean, dat Jacobus Paulus frege hat oft dy ek wat hie en dat hy hjir en dêr feroare hat yn wat Paulus him dêrop stjoerd hat. Sa liket it my hjir ek ta dat it gongen is.

De brêgeman bleau nei Jukkema lykwols al in Teetlum. Dat wie earst noch net in Lieuwe. Tusken Homme en Lieuwe soe ik noch in ferzy sette wolle dêr’t Douwe fan Teetlum de brêgeman yn is. Sijmen fan Teetlum en Aafk, dy’t yn it sprekward ‘Jæ haodne hægtyd ynne fierde knee’¹²⁸ ek har

125. Breuker, *Opkomst en bloei*, 247.

126. Yn D (sjoch de paragraaf ‘List fan de oerlevere ferzys’) wurdt sein dat er op Jukkema yn Seisbierrum wenne.

127. Nr. B (sjoch de paragraaf ‘List fan de oerlevere ferzys’).

128. Nr. C (sjoch de paragraaf ‘List fan de oerlevere ferzys’).

brulloft fiere, komme fierder net foar. Hy wie in broer fan Lieuwe van Teetlum en har froulju wienen nichten. Ek wurdt fan har brulloft noch sein, dat der 167 man wienen. Dat is in tal, dat fierder ek net foarkomt.¹²⁹

Douwe komt foar yn twa fan de oerlevere ferzys. It iene is it ferhaal fan Paulus syn broer Jacobus. Dy hat it oer de gouden brulloft fan Douwe van Teetlum en Antje Heeres Risselada te Tsjom.¹³⁰ Douwe is net fan bekend dat er bestien hat en dat is it ek net fan Antsje.¹³¹ Hoewol't Heere Thijsen nea Risselada neamd wurdt, sil de optochte Antsje wol in dochter fan him lykje moatte. Dat soe betsjutte dat de oergong nei Teetlum bysaak is en dat dy begrepen wurde moat as in oergong nei de frou fan Teetlum, in Risselada. Mei Risselada kaam Scheltema yn syn eigen famylje, dat hâldt yn dat er in draai makke fan in folslein optochte famylje nei ien dy't ek werklik bestie, wat syn ferhaal fansels betrouberder lykje liet.

De oare kear dat Douwe neamd wurdt, is yn in sitaat fan Halbertsma yn syn *Lexicon Frisicum* (1872):

De gouden brulloft fen Douwe op Seetlum mei Aefk Herres dochter Risselada durre mei it dâuk-slikjen fen d' iene snein ta di oare. Nei di brulloft kamen di earne minsken da altiden to dâuk-slikjen.¹³²

Douwe syn frou is hjir net Antsje, mar Aefk Heeres Risselada. Dy hat likemin bestien. Halbertsma syn ferzy sil datearje út de jierren tusken 1819 en 1823,¹³³ want Scheltema en Halbertsma rekken mei elkoar yn 'e kunde yn of mooglik koart foar 1821, ik tink hast yn juny 1821.¹³⁴ Doe soe it dus noch Douwe west hawwe kinne.

Douwe op syn bar waard wer Lieuwe. Dat moat er al wurden wêze yn of foar 1823¹³⁵ en dat bleau er ek yn de lettere redaksjes. Wat de reden fan de oergong fan Douwe nei Lieuwe wie, soe ik net witte. Jacobus neamt as trouwjier fan Douwe 1675.¹³⁶ Oan dat jier liket it dus min lein hawwe te kinnen,

129. Yn C is it 128, yn F 138, yn I 114, yn D, F en H 113, dêr't yn H noch 30 doukslikkers by komme.

130. Scheltema, *Geschied- en letterkundig mengelwerk* IV (1832) 313 en id. IV (1830) 217 (nr. B, sjoch de paragraaf 'List fan de oerlevere ferzys').

131. Sjoch de genealogy: Brouwers, 'Drie eeuwen Risselada'.

132. Halbertsma, *Lexicon Frisicum*, 618. Halbertsma hat Teetlum lêzen as Seetlum (nr. E, sjoch de paragraaf 'List fan de oerlevere ferzys').

133. Dy ferzy is my fierder ûnbekend bleaun.

134. Breuker, *Opkomst en bloei*, 282-283.

135. Sjoch even fierderop.

136. *Geschied- en letterkundig mengelwerk* IV 2e stik (1830) 217 (nr. B, sjoch de paragraaf 'List fan de oerlevere ferzys').

want dan soe Heere ek wol op dy brulloft west hawwe kinne. Dy libbe doe al.

It is dochs al ûndúdlik wêrom't Scheltema foar in Teetlum keas. Dat die er ek yn de *Teschlaow*, want dêr is Lieuwe yn 1559 ien fan de trije ûndertekeners fan de wet.¹³⁷ Teetlums binne fan likernôch 1550 ôf bekend, mar de namme komt nei it midden fan de santjinde iuw net mear foar. In Lieuwe, Sijmen of Douwe is der ek net by.¹³⁸ In Teetlum dy't yn 1664 boer yn Tsjom west hawwe soe, is der ek net.¹³⁹

De niis oanhelle tekst fan Jacobus makket it ek mooglik om ien fan Paulus syn autografen foar ier te hâlden. Dat is de ynkomplete ferzy F, dy't samar ôfbrekt. Se diele eksklusyf in oantal wurdlike oerienkomsten, wêrûnder it fjirde knie, en slute ek fierder nauwer by elkoar oan as de oare autografen fan Paulus. Dy ynkomplete ferzy sit yn in konvolút mei oare, wol folsleine stikken fan him. Nei alle gedachten hat it dit konvolút west, dat er Joast Halbertsma op 4 july 1823 stjoerde.¹⁴⁰ It bewuste stikje hâldt yn it konvolút samar op. Dat it net ôf is, kin ek blike út de Nederlânske fertaling derneist, dy't noch in eintsje fierder giet. Ik kin foar dat ôfbrekken gjin oare reden betinke, as dat Scheltema him realisearre hat, dat Halbertsma al in ferzy hie. Dat dy yndied in oare ferzy hân hat, blykt út syn kennis fan it krekt oanhelle sitaat yn syn *Lexicon Frisicum*, dat grif in sin út dy oare ferzy is.

Heere Thijsen komt yn de *Twaalf duizend* ek foar, mar dan net yn ferbân mei de brulloft, mar mei it Doelistejier 1748.¹⁴¹ Ik nim oan, dat Heere yn dy *Twaalf duizend* fan âlder datum is as yn *De Goaldene Brulloft*. It oernimmen fan dy politike kwestje soe dan útlein wurde kinne as in teken dat Scheltema úteinlik besletten hat om syn trouferhaal yn letter tiid te pleatsen. Dat liket er ek al dien te hawwen mei de breid, doe't er dy ta famylje fan syn frou makke. Pleatsen yn letter tiid die er ek by de krekt synjalearre oergong fan Homme Jukkema nei Douwe fan Teetlum.

Der bliuwe no noch twa autografen oer (D en G) en de ferzys yn it *Stamboek* (I en J)¹⁴² en it *Vriesch jaarboekje*, dat Eekhoff redigearre (H). Ik nim G en H by elkoar, omdat dy mei elkoar te krijen hawwe. De autograaf wie

137. Breuker, *Opkomst en bloei*, 262.

138. Sjoch de fermeldingen op de digitale mpaginae. Cannegieter, *Aanteekeningen*, 214 neamt sûnder fierdere bysûnderheden dat Jan Janssen Teetlum yn 1644 yn Tsjom foarkomt en Steffen Jansen Teetlum yn 1673.

139. Sjoch de stimkohieren fan Tsjom út 1640 en 1698.

140. Sjoch foar wat er doe wierskynlik stjoerde: Breuker, *Opkomst en bloei*, 295, noat 78.

141. Under mear by de sprekwurden ûnder de letter J, 974 Hs, bls. 152; Tresoar.

142. Sjoch oer de datearring fan I en J earder yn dizze paragraaf.

ornearre foar it *Friesch Jierboekje* foar 1832, sa't Scheltema sels yn it stik skriuwt. Dêr liket it ek hielendal op skreaun te wêzen. It is allegearre Gysbert Japix wat de klok slacht en dêrmei wie it yn it *Jierboekje* wol op syn plak, want de redaksje fan dat *Jierboekje* wie tige Gysbert Japix-achtich. De tekst dy't Eekhoff yn it *Jaarboekje* foar 1832 publisearre, sil Scheltema him op 3 septimber 1831 stjoerd hawwe.¹⁴³ Eekhoff hat him foar 't neist wat bewurke. De stavering bygelyks is net dy fan Scheltema. De publisearre tekst liket in soad op dy fan de oare autograaf, mar der binne in pear ferskillen dy't min fan Eekhoff wêze kinne. It belangrykste is de frysksinnige passazje oer Heere Thijsen:

Dij Friesche Taal spriek hij immer, oaf wier it mejj di Prins, dear woe hij nin foroaring ijn mejtze.

Sa'n passazje ûntbrekt yn al de oare redaksjes dy't ik ken.

Ik hâld it der dêrom op dat dy ferskillen fan Scheltema sels binne en dat hy dus foar it *Jaarboekje* ek wer in fariant makke hat. It wol my net oan dat Scheltema him fersind hat mei it *Jierboekje* en eins it *Jaarboekje* bedoelde, ek al net omdat Eekhoff dan wol in hiel soad weilitten en ek oars noch feroarje moatten hat. It frjemde gefal docht him dus foar, dat er yn itselde jier 1831 nei twa tydskriften in ferhaal oer deselde brulloft stjoerd hat, al soe it ek wêze kinne dat it *Jierboekje* it wegere hat en dat hy doe hiel hastich in wat oar stik makke hat foar it *Jaarboekje*. It *Jierboekje* foar 1832 ferskynde hielendal net. Dat hienen de útjouwer en redakteuren al yn of foar ein augustus 1831 besletten.¹⁴⁴ It stik is ek net yn in lettere jiergong útkommen.

De tekst fan de oare fan dy beide autografen (D) mist de hiele Gysbert Japix, mar hat der oars in soad oerienkomsten mei, al stiet de boel soms wat yn in oare folchoarder en binne der ek oare lytse ferskillen. Dat hânskrift is ien fan in hiel rychje teksten fan Scheltema dêr't dy fan seit, dat er se opnommen hat, omdat it skrift noch net fol wie. Al dy stikken folgje op it earste yn dat skrift. Dat is in samling Fryske famyljenammen dy't einigje op de letter a. Dy hat er neffens syn sizzen oanlein nei't er yn 1832 opholden wie mei syn wurk.¹⁴⁵ De bewuste autograaf sil dêrom fan 1832 of letter wêze, mar omdat it in ôfskrift is, kin it origineel wol âlder wêze.

143. Brief fan Scheltema oan Eekhoff; yn 9246 Hs, Tresoar.

144. Breuker, 'Friesch Jierboekjen (1828-1835)', 81.

145. Dat seit er dêr sels.

8. *Konklúzje*

Scheltema hat yn de rin fan gâns jierren op syn minst njoggen kear fan in gouden brulloft in ferhaal makke. It ûnderwerp soe er om 1813 hinne fia syn broer Jacobus troch Jacob Grimm op kommen wêze kinne. De kâns is grut, dat brulloften sa't hy der ien fan beskriuwt, net bestien hawwe. Ek libben en karakter fan de persoan dy't dy brulloft meimakke hawwe soe, binne foar it grutste part optocht.

Nei alle gedachten hat de earste ferzy yn de fyftjinde iuw spile. Doe sil it noch allinnich oer in brulloft gongen hawwe. Uteinlik waard it 1664 en hie er it ferhaal útwreide mei it libben en de foarâlden fan in stânfries, dy't der as jonge fan tsien by west hie. Dat wie in pake fan syn frou, dat sa koe er it lykje litte dat it stik op oerlevering weromgong. Oan it fertelperspektyf fer-oare neat. Scheltema sels wie hyltyd de ferteller. De taal dy't er brûkte, konstruearre er út Frysk fan earder. Dat sil de skyn fan echtens ek tsjinje moaten hawwe.

Syn wurkwize wie fierder hieltyd om in foarige tekst wer oer te skriuwen, mar tagelyk ek justjes te feroarjen. It ferhaal sels bleau wol sawat gelyk, al rint de hjir útjûne tekst derút om in foech ynlieding en de oandacht foar Gysbert Japix, dy't yn de oare ferzys ûntbrekke. Mar dingen as de nammen fan it breidspear, de tallen gasten en doukslikkers en de mannichten fetten drank dy't der troch gongen, feroaren. Miskyn hat er dat dien om altyd sizze te kinnen, dat hy it ek net krekt wist.

Sa hat Scheltema mei syn *Goaldene Brulloft* eins itselde berikt as mei de *Tescklaow*. Alleast guodden fan syn lêzers koenen wier der net fan ûnwier yn ûnderskiede en wisten dan ek net wat se derfan leauwe moasten.

Boazum

ph.breuker@hetnet.nl

BIBLIOGRAFY

- Alkemade, C. van, en P. van der Schelling, *Nederlands displegtigheden, vertoonende de plegtige gebruiken aan den dis (...)*, 3 dln. Rotterdam 1732-1735.
- Bremmer, R.H., Jr., en Ph. H. Breuker, 'The "Old Frisian" *Tescklaow* as Invented Tradition: Forging Friesland's Rural Past in the Early Nineteenth Century', yn: *Studies in Medievalism* 33 (Cambridge 2024), 145-167.
- Breuker, Ph.H., 'Friesch Jierboeckjen (1828-1835)', *It Beaken* 43 (1981), 72-86.
- Breuker, Ph.H., *It wurk fan Gysbert Japix*, 2 dln. Ljouwert 1989.
- Breuker, Ph.H., 'Der frühe Einfluss von Jacob Grimm in Friesland, insbesondere seine Einwirkung auf die Entstehung des Werkes von Paulus Scheltema', *Brüder Grimm Gedenken* 13 (1999), 150-162.
- Breuker, Ph.H., 'De Romantyk fan it histoarysk folkslibben: Petrus Wigeri sprekwurdsamler?', *Us Wurk* 59 (2010), 121-131.
- Breuker, Ph.H., *De Greidhoeke. Lân en minsken fan 800 oant 1800 en letter*. Ljouwert 2012.
- Breuker, Ph.H., *Opkomst en bloei van het Friese nationalisme, 1740-1875*. Leeuwarden 2014.
- Brouwers, Y., 'Drie eeuwen Risselada', yn: *Genealogysk Jierboek 2003* (Ljouwert 2003), 125-161.
- Cannegieter, D., *Aanteekeningen van vermeldenswaardige zaken en gebeurtenissen betreffende het dorp Tzum en deszelfs inwoners; Hs 717, Tre-soar*.
- Dijkstra, W., *Friesch woordenboek*. Amsterdam 1971 (reprint).
- Dyk, S., 'From Inflected Material Adjectives to the History of Schwa Apocope in West Frisian. Diverging Influences on a Sound Change', yn: *A Frisian and Germanic Miscellany. Published in Honour of Nils Århammar om His Sixty-Fifth Birthday* (Odense 1996), 55-67.
- Encyclopedie van Friesland*. Amsterdam/Brussel 1958.
- Epkema, E., *Woordenboek op de gedichten en verdere geschriften van Gysbert Japicx*. Leeuwarden 1824.
- Faltings, V.F., en R. Jannen, *Nei fering-öömring wurdenbuk*. Husum 2023.
- Folkertsma, B., *De stavering fan it Westerlauwerske Frysk yn de njoggentjinde ieu* (Estrikken 46). Grins 1973.
- Halbertsma, E., en J.H. Halbertsma, *De lape koer fen Gabe Skroor*. Deventer 1829.
- Halbertsma, J.H., *Lexicon Frisicum*. Hagae Comitum ['s-Gravenhage] 1874.

- Hepkema, J., *'n Bloemlezing uit Paulus Scheltema's Twaalfduizend Friesche Spreekwoorden, Gezegden en Anecdoten*. Heerenveen, s.j. [ca. 1916].
- Het verward Frieslandt, of omstandig bericht (...)*. Leeuwarden 1749.
- Hettema, M. de Haan, en A. van Halmael, *Stamboek van den Frieschen, vroegeren en lateren, adel*, 2 dln. Leeuwarden 1846.
- Hoekstra, J., 'De Let-Aldwesterlauwerskfriske metatesis', *It Beaken* 70 (2008), 225-242.
- Leerssen, J. (ed.), *Encyclopedia of Romantic Nationalism in Europe*, 2 dln. Amsterdam 2018.
- Mol, J.A., en P.N. Noomen (ed.), *Prekadastrale atlas fan Fryslân 1700/1640, dl 4: Frjentsjerteradiel en Frjentsjer*. Ljouwert 1990.
- Scheltema, J., *Geschied- en letterkundig mengelwerk*, 6 dln. Amsterdam 1817-1836.
- Scheltema, P.C., 'Eerste antwoord op de vraag, voorgesteld door de Maatschappij ter bevordering van den Landbouw, ... 1803', *Verhandelingen uitgegeven door de Maatschappij ter bevordering van den Landbouw, te Amsterdam* 15 (1809) 2e stuk, 1-26.
- Scheltema, P.C., *Verzameling van spreekwoorden, gezegden en anekdoten, benevens belangrijke geschied- en oudheidkundige aantekeningen enz., meerendeels Vriesland en de Vriezen betreffende; alsmede taalkundige ophelderingen omtrent den oorsprong en de ware beteekenis van oude Vriesche woorden en gezegden*. Franeker 1826/Leeuwarden 1831.
- [Scheltema, P.C.], 'De Goaldene Brulloft', yn: *Vriesch jaarboekje, of almanak voor het Schrikkeljaar 1832* (net. pag.). Leeuwarden [1831].
- WFT: *Woordenboek der Friese taal/Wurdboek fan de Fryske taal*, 25 dln. Leeuwarden 1984-2011.
- Winsemius, P., *Chronique ofte Historische geschiedenis van Vrieslant*. Franeker 1622.